

## 93 Kristus, yn 'e jûn te hôf brocht

Dirk Zwart

1. Kris - tus, op 'e jûn te hôf brocht,  
Hy fer - riist yn 't ie - re moarns - ljocht,  
giet de dea - de - wacht foar - by,  
brekt it se - gel fan 'e dea,  
brekt de re - gel fan it kwea.  
Loov - je God, want grut is Hy.

2. Kristus, ljocht dat oan 'e dei kaam,  
hat syn folk nei 't libben meinaam.  
Hy ferskynt yn dizze wrâld,  
draacht de deaden nei de dei,  
giet nei God mei ús op wei.  
Loovje God, dy't fan ús hâldt.

*Ria Borkent*  
oersetting: *David de Jong*